

Riedsútstel

Ynformaasjekarrûsel : 12 december 2024
Agindapunt : 4
Status : Informerend/Informatiestuk
Program : Programma 4 - Onderwijs
Portefúljehâlder : Dhr. J.E. Boerema
Amtner : Dhr. S.J. Nauta
Taheakke : -
Saak- en stiknûmer : Z2024-03219 / S2024-20944

Underwerp

Beäntwurding skriftlike fragen FNP oer skoallen yn tinbefolkte gebieten

Wy stelle jo foar kennis te nimmen fan:

De beäntwurding fan de skriftlike fragen fan de FNP-fraksje oer skoallen yn tinbefolkte gebieten.

Agindearring ynformaasjekarrûsel

De FNP-fractie heeft de beantwoording van de schriftelijke vragen over scholen in dunbevolkte gebieden geagendeerd voor de informatiecarrousel. Er is gevraagd om wat meer uitleg over de beantwoording.

Ynlieding

Yn it nije regearprogramma kinne we lêze dat de lytseskoallen-taslach feroare wurdt yn in tinbefolkens-taslach. Sa't jo witte, binne der al guon skoallen sletten yn de regio, wat tige spitich is. De (lytse) doarpen hawwe steeds minder skoalbern en de druk op it ûnderwiis wurdt grutter.

Fragen

1. Binne der al skoallen yn ús gemeente dy't gebrûk meitsje fan dizze regeling?
2. Wat feroaret der krekt oan dizze regeling?
3. Wat binne de konsekwinsjes fan dizze feroaring foar de skoallen yn ús gemeente?
4. Wat kin der mei dizze jilden dien wurde?

Reaksje kolleezje

(Bron: de PO-raad/VOS-ABB)

Dit is wat men no wit kwa rjochting. It is op dit stuit dus noch net regele.

Doel is it oanpakken fan de lytse skoallen yn grutte stêden. Dit yn ferbân mei it leararetekoart.

No krijt eltse skoalle lytser as 145 learlingen noch lytseskoalle-taslach (wat lytser de skoalle wat heger de taslach). De regeling stiet no los fan de befolkingstichtens, en dat wolle se feroarje. De taslach wolle se dan koppelfe oan de opheffingsnoarm fan alle gemeenten ôfsûnderlik. De opheffingsnoarm is relatearre oan de befolkingstichtens.

No is it noch sa datst mear jild krijst ast fierder ûnder de opheffingsnoarm komst; dan net mear.

Der is in wetswiziging foar nedich. It doel is dat de minister yn desimber mei in keamerbrief komt. Om't it om in wetswiziging giet wurdt it nei ferwachting net foar 2030 foardat it echt barre sil.

Hoe't it der krekt út korht te sjen en wat de gefolgen binne is dreech te foarsizzen. It kin ek samar wêze dat it hiel oars wurdt troch de lobby van skoallebestjoeren of gemeenten.

BRIN	School	DUO schooljaar 2023-2024 peildatum 01-10-2023	Carel schooljaar 2023-2024	Carel schooljaar 2024-2025	Carel peildatum 23-10-2024
03HS	Basisschool Oranje Nassau	49	49	49	
04JU	De Tarissing	122	130	116	
04JW	CBS de Oanrin	74	75	61	
05QE	Chr Basissch Merlettes	90	97	87	
07MY	Joh Looijengaskoalle	73	78	69	
07XB	De Twa-ikker	80	93	86	
07YK	Basisschool De Claercamp	80	86	75	
08PH	Basisschool De Reinboge	125	96	86	
10BP	Basisschool De Wijnroas	204	220	193	
10LV	De Waldiik	79	89	82	
11BF	Basisschool de Mienskip	232	247	223	
11MA	Chr BS De Lichtbron	180	195	182	
11MB	Chr Bs de Hoekstien	149	163	150	147
11XH	CBS De Bernebrege	145	159	139	134
11ZI	It Holdersnest	162	169	148	145
12IS	De Balkwar	81	94	89	
12RC	It Skriuwboerd	240	251	229	
13JP	It Twaspan	44	37	34	
21NI	Basisschool De Fontein	102	105	96	
	Totaal aantal leerlingen	2311	2433	2194	

De taslach soarget derfoar dat ek lytsere skoallen genôch persoaniel yn tsjinst nimme kin. Troch de lytse skoalle temjitte te kommen yn de kosten kinne se bestean bliuwe en bliuwt it ferskaat yn it primêr ûnderwiis behâlden.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

sekretaris,

boargemaster,

dhr. mr. M.P. de Jong

dhr. mr. O.F. Brouwer